

## De bydragen yn dit nûmer binne fan:

**Dr. Fokke Akkerman** (1930-2017) wie oant syn pensjonearring universitêr haaddosint oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy publisearre ûnder mear oer Agricola en it iere humanisme yn Grinslân en Fryslân, en oer Spinoza.

**Dr. Wiebe Bergsma** (1955-2015) wie as histoarikus ferbûn oan 'e Fryske Akademy. Hy publisearre oer de reformaasje yn Fryslân, iermoderne gelearden en it hoflibben yn Ljouwert. Ta syn wichtichste publikaasjes heart *Tussen Gideonsbende en publieke kerk: Een studie over het gereformeerd protestantisme in Friesland, 1580-1650* (1999).

**Dr. Jan Bloemendal** (1961) is senior ûndersiker oan it Huygens Instituut voor Nederlandse Geschiedenis fan 'e Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen. Hy is útfierend sekretaris fan 'e útjefte fan alle wurken fan Erasmus (*Erasmii Opera Omnia / ASD*). Fierder hâldt er him dwaande mei Latynsk toaniel yn 'e iermoderne tiid.

**Dr. Tom B. Deneire** (1981) is konservator fan 'e Bysûndere Kolleksjes fan 'e Universiteitsbibliotheek Antwerpen, mei spesjaal omtinken foar 'publiekswerking, bibliografie en digital humanities'. Syn ûndersyks-aktiviteiten lizze op it mêd fan 'e Neolatynske literatuer en Jesuitika.

**Prof.dr. Jan van Herwaarden** (1940) wie fan 1971 oant syn pensjoen yn 2005 oan 't wurk by de Nederlands Economische Hogeschool/Erasmus Universiteit te Rotterdam en besette as bysûnder heechlearaar de dr. Elie van Rijckevorsel-learstoel foar kultuerskiednis. Hy publisearret oer in breed ferskaat fan ûnderwerpen, yn 't bysûnder oer letmidsiuwske leauwensfoarstellings, mei de klam op yn earste ynstânsje beafearten, spesjaal dy nei Santiago de Compostela, en dêrnei sûnt 1998 op Erasmus.

**Dr. Jacob van Sluis** (1953) studearre teology en filosofy oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy wurket as kolleksjefoarmer by Tresoar te Ljouwert en by de Universiteitsbibliteek te Grins. Syn ûndersyk is rjochte op 'e Nederlânske filosoof Frans Hemsterhuis (1721-1790) en op 'e eardere universiteit fan Frjentsjer.

**Drs. Piter van Tuinen** (1942) is klassikus. Hy wie rektor fan it Christelijk Gymnasium Utrecht. Hy makket stúdzje fan 'e Neolatynske literatuer en 'e Latynske skoallen yn Fryslân.

